

Greet Andringa

Ynhâld en ynspraaasje

Op 5 novimber 2011 waard yn Riis yn Hotel Gaasterlân in Skriuwersbounwykein hâlden. Seis skriuwers wiene útnoege om wat oer harren skriuwerij te sizzen mei as tema 'Ynhâld en ynspraaasje'. Trije – Greet Andringa, Hein Jaap Hilarides en Margryt Poortstra - hawwe wat se dêr sein ha sels op skrift steld. Fan wat de oare trije – Hidde Boersma, Koos Tiemersma en Akky van der Veer - nei foaren brocht ha (en de neipetearen) is troch Teake Oppewal fan Tresoar in ferslach opmakke. Alle seis stikken binne foar pleatsing op dizze ôflevering fan Ensafh beskikber steld. De lêzers fan Ensafh krije sa de gelegenheid om ek by de auteurs yn 'e keuken te sjen. Moai. Hjir de bydrage van Greet Andringa. Klik foar de oare bydragen troch nei: Hidde Boersma, Hein Jaap Hilarides, Margryt Poortstra, Koos Tiemersma en Akky van der Veer.

Oer minsken, leafde en mateary

Hoe komt in minske oan de matearje foar syn of har romans? Ik bin tige benijd nei wat de oaren te sizzen hawwe oer it finen fan stof en hoe't we dat ferwurdzje. Dat lêste falt my noch net iens ta, want it finen fan in ûnderwerp of it fûn wurde troch in ûnderwerp, bart, by my yn alle gefallen yn in gebiet fan mysels dat net it measte mei wurden en logysk redenearden te krijen hat. Mei sin sykje hat gjin doel. Wat dat oangiet is it krekt it sykjen nei de leafde- guon minsken sille dêrby fêst wat hawwe oan ynternetsiden en speeddating, en bewust ôfgean op mienskiplike skaaimerken, grutte boarsten of al as gjin burd, mar by my wurket dat net. Ik lit my oerfalle, ferasse, folstreame mei en waarmwurde troch eat dat in ea in ferhaal wurde kin. En just it net ferwachtsjen dat it komt, it net wachtsjen op, jout de romte om te sjen as wat it is. Miskien is dat klei, dêr't ik alris earder mei wurke ha, mar miskien is it ek metaal, in foar my op it earste each net sa oanloklik materiaal- omdat ik der noch nea earder mei wurke ha, omdat der skerpe kanten oan sitte, ik my snije kin- mar fiel ik wol ynienen mooglikheden om der wat fan te meitsjen, fan te learen en miskien sels wat metaliger te wurden.

By myn lêste boek, Ikarusblau, kaam ik op in junyjûn yn 2007, op de skoalreuny fan De Trije Doarpen Skoalle yn Reduzum in stik of wat âlde klasgenoaten tsjin. Ik wie heechswanger (myn jongste waard trije wiken letter berne) en noch drok dwaande mei Libben Reach- myn earste roman, dat ik siet nergens op te wachtsjen. Dy jûn, yn alle drokte fan de feesttinte en nei it besjen fan it skoalgebou dat allang net mear itselde wie as dêr't myn lichting seis jier sliten hie, bedarren we mei in ploechje oan in steantaffeltsje oan 'e praot oer wat we doe tochten, wa't we no wurden wiene en hoe't we no weromseagen. Ien jonge, doe it clowntsje fan de klasse en no in bear fan in fint, út in húshâlding dy't neffens ús ûngefear gelyk stie oan it Walhalla fertelde hoe betize en iensum er him doedestiids faak field hie: alles wie fan elkenien, mar fan wa wie hy en wa wie fan him? Ik lústere mear nei syn emoasjes as syn wurden en it lústerjen waard in soarte fan meifielen, dat trochgean bleau doe't we allang útpraat wiene. It begûn te groeien en útrinnens te krijen, kanten op dy't ik net foarseach... En eins is it ferfolch fan it proses ek krekt as in goeie leafdesrelaasje: knipe en kontrolearje en jo kant optwinge wurket net, al is it betiden fansels wol nedich om ôfspraken te meitsjen (al wie it mar mei it Letterenfonds). It bêst bedijt it as ik it hert fan de oare, it Oare, of dat no myn leafste of myn ferhaal is, yn hannen hâld, net te stiif en net te los

- it moat ek net op de grûn stikken miterje of stjerre fan de kjeld-, mar krekt sa dat hy of it himsels wurde kin binnen de feilige grinzen dy't ik útset.

Dat idee, dy gevoelens en bylden, moatte wurden fine fansels, oars wurdt it nea in boek. En it moat doge, yntern konsistint wurde. En dêrby komt it mei doel sykjen ynienen wol wer om'e hoeke. Ik ha op it ynternet oan 'e gong west en omblêde yn boeken om de histoaryske komponinten net út de pas rinne te litten. Mar ik ha ek in dei op jacht west mei myn fototastel, plaatsjes makke fan plakken, pleatsen, minsken dy't ticht by de sfear kamen dy't myn ferhaal my foar eagen joech. Dat ha ik oanfolle mei oare plaatsjes (alwer: libje it ynternet) en dêr ha'k in fotoboek fan gearstald dat my yn tiden dat it wat dreger wie om fierder te kommen bot holpen hat om de goeie stream yn mysels werom te finen. Fia de sintugen en net fia it tinken. Aktiviteiten as hurdrinne, wat foar my útdreame en túnkjen wurken krekt sa.

Myn stelling is dan ek: mearje moatte jo net fine wolle, it fynt jo wol. En as jo it kwyt binne helpt sykjen en moatten net, mar hiel wat oars dwaan wol.